

GEWIKT & GEWOGEN

Tryater en de omkearde spegel

Barren: *Wat jo wolle* fan Tryater. **Idee en regy:** Tatjana Pratley **Tekst:** Wessel de Vries **Sjoen:** 12/10, Posthúistheater It Hearrenfean **Belangstelling:** fol **Noch te sjen:** www.tryater.nl
★★★★☆

Foar in skoalmaster, fytsmaker of sjirurch kin it noait kwea en stean sa no en dan stil by de fraach oft it wurk ek oars kin. Toanielspilars hawwe de reputaasje dat se dat krekt wat faker

dogge as oare beropsgroepen. Der is sels in namme foar it soart foarstellingen dêr't dat soms ta liedt: toanieltoaniel.

Wat jo wolle fan Tryater is in foarstelling yn dy tradysje, mar dan krekt efkes oars. Diskear giet it net oer de toanielspilars sels, mar oer it publyk. Oer wat it publyk wol. In klucht? Lokaasjeteater? Wat oer de Ofslútdyk? Sis it mar, it kin allegear.

Tusken de 'troch it publyk keazen' sênes troch hawwe Lourens

van den Akker, Aly Bruinsma, Ali Zijlstra en Nynke Heeg it oer wat toaniel mei har persoanlik docht. Alleast, dat spylje se. En dat is miskien wol it probleem mei *Wat jo wolle*: alles is in spultsje.

Net allinne de sjenres dy't it publyk sabeare keazen hat wurde parodieard, itselde jildt foar de persoanlike bekentenissen en de yrritaasjes ûnderinoar. *Wat jo wolle* is ien grutte parody. En in parody fan goed twa oeren is de lange kant neist.

Dat wol net sizze dat der neat te genietsjen falt. *Wat jo wolle* is in dynamyske foarstelling yn in heech tempo, mei toaniel, dûns en muzyk.

De fjouwer spilars krije en pakke de romte om sjen te litten wat se yn de marse ha. Alle fjouwer ûntspoare se in oantal kearen – miskien wol de hichtepunten fan de foarstelling – mei in soad humor en selsrelativearring.

It stik einiget mei wiisheden as 'You can't always get what you

want' en 'Ast it mar besikest'. De fraach is oft men mear ferwachtsje kin fan in skriuwer fan 23 jier dy't reflektearret op in fak dêr't er noch mar krekt wurksom yn is. Yn syn foardiel sprekt dat er net nei syn nâle stoarret, mar dat er syn fakgenoaten en himsels in spegel foarhâldt. Dat is moai. Ien stapke fierder en hy hâldt it publyk en de maatskippij in spegel foar. Soe ek wol werris moai wêze.

SIETSE DE VRIES